

[1350 Op it mêd 2011 3-4]

Agnieszka Chada, 'Fake diphthongs in Frisian: an Optimality Theory approach', Anglica 16 (2007), 185-198.

De Poalske lingwiste Chada hâldt yn dit stik út dat opgeande twilûden yn it Frysk sa analysearre wurde moatte dat it earste elemint derfan, it heallûd, yn 'e oanset fan 'e syllabe sit. Dat lêste jildt foar alle heallûden dy't oan in lûd foarôf geane, ek deselden yn bygelyks *swaaie* en *priuwe*. De Optimality Theory-oanpak spilet soks mei ien set beheiningen (constraints) klear, wylst der yn in deriva-sjonele oanpak, mei regels, folle mear 'masjinery' nedich is. (willem visser)

Agnieszka Chada, 'The problem of the labio-dental continuant [v] in Frisian: an OT analysis'. Yn: Andrzej Weseliński and Jerzy Welma (eds.), Explorations in Literature and Language, Warsaw (2007), University of Warsaw, Chapter Thirteen.

Yn dit stik hâldt Chada út dat [w] en [v] oan it wurdbegjin net as farianten fan /v/ sjoen wurde moatte, mar dat men se fan it ûnderlizzende slettene efterlûd /u/ ôfliede moat. De notoir lestige gefallen mei de útspraak [vw], lykas *woartel*, *woarst*, *hoazzen*, wol se ôfliede fan de ûnderlizzende sekwinsje /uu/, en dêrmei slút se har oan by Fokkema syn analyse fan 1938. It is opfallend hoe krekt oft de Fryske wurden, de fonetyske tran-skripsjes derfan en de ferwizingen nei Fryske literatuer hjir foar de hearen komme (allinnich it wurd *pjist* hie as *pjisk* stavere wêze moatten). Dat makket men ek wolris oars mei. (willem visser)

Fonjelde. Opstellen van D.J. Henstra over middeleeuws Frisia. Bezorgd door A.T. Popkema. FA 1020 – Estriken/Ålstråke 87. Groningen (2010), Barkhuis.

Yn 2000 promovearre D.J. Henstra, fan hûs út ekonoom, op in Ingelsktalige dissertaasje oer de evolúsje fan de jildstandert yn it midsieuske Frisia, d.w.s. de Fryske lannen tusken Sudersee en Wezer. Foar it útdjipjen fan dat drege ûnderwerp fan ûndersyk moast er him ek yngeand dwaande hâlde mei ferskate Aldfryske rjochts-teksten. Wurkjend fanút syn monetêr-ekonomysk perspektyf koe er dêr soms sels nij ljocht op smite.

Yn dizze yn 2010 útbrochte bondel binne achttjin artikels fan Henstra syn hân (dêrfan twa yn oersetting) gearbrocht, dy't allegearre nei syn pro-

moasje ferskynd binne. Guont dêrfan slute kwa tematyk nau oan by it ûnderwerp fan de dissertaasje, lykas it earste haadstik, dat dêr in tige brûkbere gearfetting fan jout, oaren steane dêr wat fierder fan ôf. Trije binne fan direkt belang foar de Aldfryske filology. Dat binne de haadstikken 4 (“De eerste optekening van de algemeen-Friese Keuren”, s. 97-126), 5 (“*Fon jelde* en de datering van de vijftiende algemeen-Friese Keur”, s. 127-134) en 15 (“Geldsoorten in de middeleeuwse Friese boeteregisters, in het bijzonder in het exemplaar van Druk van Hemma Odda zin”, s. 253-273). Haadstik 4 is al yn jiergong 52 (2003) fan dit tydskrift oankundige (s. 165). De auteur lûkt dêryn op basis fan de fermelding fan in yn de 15^{de} Kêst neamd boetebedrach de konklúzje dat alteast in diel fan de Santjin Kêsten (Henstra brûkt sels konsekwint de omskriuwing ‘algemien-Fryske Kêsten’) faaks al om 1015-1040 hinne foar it earst op skrift steld is. Dy datearring is yndertiid oanfochten troch Schuur. Yn haadstik 5 giet Henstra yn op de troch Schuur nei foaren brochte beswieren. Dêrby hâldt er, op basis fan monetêre arguminten, fêst oan syn iere datearring. Haadstik 15 is lyksa earder al yn dit tydskrift oankundige en wol yn jiergong 50 (2001), s. 157-158.

De titel fan de bondel (*Fon jelde*) is ûntliend oan in registerke fan dy namme, dat te finen is yn it Fivelinger hânskrift. It boek, dat besoarge is troch Anne Popkema, falt op troch de tige fersoarge yllustraasjes.

(oebele vries)

Makoto Shimizu, 'Furijiago'. Yn: Yôroppa no Omoshirogengo, Tokyo (2010), Hakusuisha, 68-87.

Yn in bondel dy't, sa't út it ynlisfel begrepen wurde kin, yn it Dútsk de titel “Sprachenwunder Europa” hawwe soe, yntrodusearret Shimizu it Frysk, en dan benammen it Noardfrysk, oan it Japanske publyk. Dat bart oan ‘e hân fan Albrecht Johannsen syn gedicht “Gölj - rüüdj - ween“. Oare talen dy't foarsteld wurde, binne bygelyks it Færöersk, Sorbysk, Baskysk en Oksitaansk. By it boekje heart in CD, dat elk kin ek neikomme hoe't it yn it echt oanheart.

(siebren dyk)

Kurt Goblirsch, 'A historical typology of the English obstruent system', Anglia, Zeitschrift für Englische Philologie 127 (2010), 176-207.

Dit histoarysk-fonologyske artikel - op it ynternet fergees te besetten - ûndersiket it Ingelske systeem fan obstruïnten (ploffers en rûzers) yn relaasje ta dat fan oare Germaanske talen, en dan benammen fan deselden yn noardwestlik Europa. It giet dan om Skandinavysk, Nederlânsk, Platdútsk en benammen ek it Frysk, yn al syn ferskiningsfoarmen, oan de lytste dia-lekten ta. De auteur lit blike dat er tige goed op 'e hichte is fan 'e fakliteratuer. Hoewol't it Ingelsk it útgongspunt is, is it artikel tagelyk in moai oersjoch wurden fan 'e Fryske feiten op dit mêd. Behannele wurde ferskynsels as de oergong fan rûzer ta

ploffer, einûntstimming en in mooglike restoraasje dêrfan, it stimhawwend wurden fan rûzers yn 'e Inlaut, aspiraasje, sandhi-ferskynsels en degeminaasje. Hjir en dêr binne wol fraachtekens te setten by de presintaasje en analyze fan 'e feiten. Dat komt ek omdat der net in strange skieding oanhouden wurdt tusken fonology en fonetyk: sa wurdt it op in stuit ûndúdlik oft it Nederlânsk en Frysk no wier degeminaasje ûndergien hawwe of net. De talen soene ek mar foar in part einûntstimming sjen litte, omdat der yn 'e sandhi wol wer stimhawwende obstruïnten opdûke. Mar soe assimilaasje net in lossteand proses wêze?

(siebren dyk)

Jeroen van Craenenbroeck, 'Complex wh-phrases don't move: on the interaction between the split CP-hypothesis and the syntax of wh-movement'. Yn: E. Phoevos Panagiotidis (útj.), The complementizer phase: subjects and operators. Oxford (2010), Oxford University Press, 236-260.

Van Craenenbroeck konstataarret in ferskil yn it syntaktysk hâlden en dragen fan ienfâldige fraachwurdkloften as *wa* en komplekse as bygelyks *hokker lju*. Syn data komme út westgermaanske talen en dialekten, en dêrûnder sit ek it Frysk. In part fan 'e gegevens hat er helle út in net-publisearre stik fan Jarich Hoekstra (1993), dy't opmurk dat *wa* de beide eleminten *of* en 't by him ha kin (*hy frege wa oft ...*), mar dat dat *of* ek weilitten wurde kin (*hy frege wa't ...*).

By komplekse fraachwurdkloften moat *of* der ferplichte by (*hy frege hokker stik oft ...* vs. **hy frege hokker stik't ...*). Oare Fryske gegevens ha te krijen mei de kombinaasje fan it saneamde SPADING en preposysjestrannen, yllustrearre yn 'e dialooch: A: *Jan hat juster in praatsje holden*. B: *Wêr dat oer?* De auteur lost sokke en oare data op troch út te stellen dat de komplemintearderposysje yn twaen opspjalt wurde moat. De komplekse kloften soene dan fuortdaliks generearre wurde yn 'e heechste posysje. Eleminten as *wa* kinne beide oandwaan.

(siebren dyk)

Rolf H. Bremmer Jr, 'Dealing Dooms: Alliteration in the Old Frisian Laws'. Yn: Jonathan Roper (útj.), Alliteration in Culture. Basingstoke etc. (2011), Palgrave Macmillan, 74-92.

It is neat gjin nijs dat it yn guon Aldfryske rjochtsteksten optilt fan de alliteraasjes, yn it bysûnder yn wurdpearen. Mei rjocht en reden wurdt dêrom yn in ynternasjonale bondel dy't oan dy stylfiguer wijd is, ek oan de Aldfryske alliteraasjes omtinken jûn. Yn syn bydrage lit Bremmer sjen dat it gebrûk fan alliteraasje yn de Aldfryske rjochtsteksten foar in part dan wol weromgean mei op it mien-Germaanske tiidrek, mar dat likegoed fierwei de measte alliteraasjes dy't

yn it korpus fan Aldfryske rjochtsteksten oerlevere binne, let-midsieusk wêze moatte. Alliteraasje moat dan ek net, lykas earder gauris tocht waard, sjoen wurde as in mnemotechnysk helpmiddel. Nijsgjirrich is Bremmer syn skôging oer de poetyske útwurking fan de tredde need fan it twadde Lânrijocht, dat wol sizze de ferneamde tekst oer it heiteleaze bern. Hy sjocht dêryn it wurk fan in geastlike. As oanwizingen dêrfoar neamt er it tal spikers dêr't it deafet fan de heit mei tichtspikere is, likefolle as dêr't Kristus mei oan it krús slein wie, en it ûn-Fryske lânskip (der komme sels bergen yn foar) dat yn dizze tekst skildere wurdt.

(oebele vries)

'Provincie Fryslân: Fryske Taalatlas 2011 <http://www.fryslan.nl/download.asp?objectID=34785&link=b%2E+2011%2Dtaalatl%2DNL%2Epdf>

De provinsje Fryslân hat yn 2011 in *Fryske Taalatlas* útjûn mei it doel om in oersjoch te jaan fan it brûken fan it Frysk. De publikaasje is eins in langere behanneling wurdich, want der falt wiswier gâns oer te sizzen. Wy wolle it hjir litte by it neamen fan in pear wichtige feiten en it jaan fan in koart besprek. It ûndersyk is net it earste yn syn soarte, âlder ûndersyk nei rapportearre taalgedrach is earder publisearre troch de provinsje yn 2007, mar ek troch Gorter en Jonkman yn 1995, yn 1980, en foar de earste kear troch Pietersen yn 1967. It wichtichste doel fan 'e provinsje mei dit ûndersyk (en syn foargonger fan 2007) is om mei it each op taalplanning in oersjoch te jaan fan de taalfeardigens fan 'e ynwenners fan Fryslân. De provinsje ferliket dêrby de resultaten mei dy fan de eardere ûndersiken. Yn it koart komt it der op del dat de útkomst is dat it oanpart fan 'e respondinten dy't meidielt dat se Frysk ferstean, prate, lêze en skriuwe kinne sûnt it ûndersyk fan 2007 signifikant tanaam is. Sa'n 45% seit yn 2011 dat se hiel goed Frysk prate kinne en 19% jout datoangeande as antwurd "goed". Lykwols, de provinsje konstatearret in tebekgong yn it tal lju dy't Frysk tsjin 'e bern prate (goed de helte fan 'e antwurdjouwers), en boppedat ek in tebekgong yn it oanpart fan deselden dy't Frysk mei de partner prate (no in 45%). Dat minder lju Frysk mei de bern prate, is wat ferûntrêstend. De provinsje soe der oer tinke kinne om noch mear as no de âldelju der op te wizen dat it twatalich opbringen fan in bern earder geunstich as skealik is foar syn ûntjouwing.

Sa op it earste each liket it der mar op mei de gegevens dy't de provinsje hjir presintearret. As men lykwols ien rie jaan mei, dan wol dat der tenei war dien wurde sil om op grutte skaal de *werklike* taalfeardichheid boppe wetter te krijen, ynstee fan deselde dêr't troch de lju sels oer *rapportearre* wurdt. Moderne ûntjouwings op it mêd fan it testen fan taal en kompjûtertechnology meitsje it folle makliker om soks te mjitten as in 50 jier tebek. Der is langer gjin eks-

kús mear om net in standerdisearre taaltest te ûntwikkeljen dy't wittenskippers, ûnderwiislju en taalplanners Fryske taalbehearskingsdata leverje kin dêr't se mei oan 'e slach kinne. As it sa is dat de werklike stân fan taalfeardichheid oerienkomt mei de rapportearre taalbehearsking, dan soe dat reden wêze ta freugde. Ungelokkigernôch hat earder ûndersyk útwizing dien dat rapportearre en werklike taalfeardichheid inoar net altyd dekke. Ien fan 'e suggestjes dy't men taalplanners yn Fryslân dwaan wolle soe is dêrom: meitsje in ein oan alle twifel oan it nivo fan 'e taalbehearsking yn it Frysk troch yn it Fryske ûnderwiis standerdtests yn te fieren.

(nanna haug hilton)

Guus Kroonen en-dy (útjs.), Thi Timit Lof. Festschrift für Arend Quak zum 65. Geburtstag. Amsterdam/New York (2011), Rodopi [= Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik, Band 67].

Yn dizze feestbondel foar de Amsterdamsk-Leidske heechlearaar Aldgermaansk Arend Quak steane trije bydragen dy't streekrjocht oer it Aldfrysk geane. Patrick V. Stiles giet yn "The 2.SG. PRET. INDIC. of strong verbs in Frisian: old and new facts and views (with a discussion of Codex Unia *thest*)" (pp. 271-290) yn op paragraaf 151 fan Rolf Bremmer syn *Introduction to Old Frisian* (2009), dy't oer de foarm fan 'e twadde persoan doetiid fan 'e sterke tiidwurden seit dat se (i) de útgong *-(e)st* ha, en (ii) dat de fokaalstam oerienkomt mei dy fan it doetiidsmeartal. De earste eigenskip is apart binnen it Westgermaansk; op grûn fan 'e oare talen hie men de útgong *-e* ferwachte. Stiles nimt oan dat de Aldfryske útgong fan 'e doetiid fan 'e swakke tiidwurden komt en net fan 'e notiid fan 'e sterke. Nijsgjirriger is dy oare eigenskip. Bremmer jout gjin sprekkenende data en dy binne der yn it Aldfrysk winliken ek net. It slagget Stiles lykwols om op grûn fan feiten út guon fêstewâlsnoardfryske dialekten, mar benammen út it Sealtersk, oan te toanen dat it Aldfrysk yndied ek in ôfwikend stamlûd hân hawwe moat. In foarbyld is it Sealter tiidwurd foar 'siede', mei as doetiidsfoarmen *iek sood*, *du seedst*, *hie sood*, wylst de doetiid meartal de foarm *seedene* hat. Yn in taheakke giet Stiles noch yn op 'e foarm *thest* yn Codex Unia. Hy makket nei in lange omhaal oannimlik dat dy foarm fan it tiidwurd 'dwaan' in notiid wêze moat.

Michiel de Vaan giet yn "West-germanic **ai* in Frisian" (pp. 301-314) yn op resinte behannelingen fan it Aldfrysk fan Bremmer, Boutkan en Versloot, dy't úthâlde dat de distribúsje fan 'e út 'e West-Germaanske twilûd *ai* ûntstiene lange *a* en *e* net helder wêze soe. Neffens him hat Siebs de kwestje yn 1901 al oplost, ek al is der foar guon gefallen in analogyske ferklearring nedich, sa't Hofmann letter útsteld hat. De Vaan ynfintarisearret de oanbelangjende data út de kodeks R1, en dy befestiget fierhinne dy âldere analizen. Yn oansluting dêrop wiist er ek noch op

de ferleegjende ynfloed fan in folgjende gutturale frikatyf en fan de /r/. It patroan wurdt ek fierder befestige troch in pear Aldfryske relikten yn it Hollânsk, lykas *ladder*, *vracht* en *atter* (= standert-Nederlânsk *etter*).

Oebele Vries freget yn “*Toe aer heer ende aegh syoen* (‘Zu Ohrenhör und Augensicht’), eine altfriesische alliterierende Paarformel im Sinnbereich des Zeugenbeweises” (pp. 315-328) it omtinken foar in fêste formule dy’t brûkt wurdt om tsjûgen mei oan te tsjuten. De pearformule liket oant no ta oer de kop sjoen te wêzen, wat der mooglik oan lein hat dat er allinnich mar yn oarkonden foarkomt, en ien kear yn ‘e noch net útjûne Codex Roorda. Vries beskriuwt as algemiene eftergrûn de rol fan tsjûgen yn it Aldfryske rjocht en besiket om de útdrukking in plak te jaan neffens wat kwa foarm en gebrûk mei sokke pearformules wenst wie.

(siebren dyk)

Oebele Vries, ‘Wolde enych man vor den stellingwerf clagen omme doetgelde. Het middeleeuwse landrecht van Stellingwerf’, Pro Memorie, Bijdragen tot de rechtsgeschiedenis der Nederlanden 13 (2011), 2-29.

Yn 2009 ûntduts Oebele Vries yn it Geldersk argyf in tekst dy’t bliken die it lânryocht fan Stellingwerf te wêzen. Yn dit artikel wurdt de fynst neier analysearre. De oarspronklike Latynske ferzje moat datearre wurde yn ‘e iere 14de ieu, doe’t it gebiet him losmakke hie fan de biskop fan Utert; mooglik binne yn ‘e lettere oersetting noch wat saken tafoege. Om de ûnôfhinklikens te bekrêftigjen waard tebekfallen op âldere rjochtsregels, dy’t yn dit manuskript dus optekene en fêststeld waarden. Hoewol’t polityk oansluting socht wurdt by de Fryske frijheid, blike de bepalings ynhâldlik earder oan te sluten by it Drintske rjocht, en dan faaks ek noch by in navenant argayske foarm dêrfan. Wat yn alle gefal no foar it earst dúdlik wurdt, is dat Stellingwerf in eigen rjochtsstelsel hân hat. It artikel befettet ek in koarte kodikologyske beskriuwing en in histoaryske ynliding, dêr’t de spesjale posysje fan Stellingwerf neier yn beskreaun wurdt.

(siebren dyk)

Eric Reuland, Anaphora and language design, Cambridge, Mass. (2011), MIT Press.

Yn in tsjok mar, neffens de kompleksens fan ‘e matearje, tige lêsbere boek hat Eric Reuland syn ideeën oer pronomina en refleksiven, wurdjes dus dy’t foar har ynterpretaasje ôfhinklik binne fan in oar wurd yn ‘e omtrek, neier útwurke. Hy besiket om de fariasje op dit mêd te ferklearjen út oare eigenskippen fan talen. It Frysk spilet datoangeande in navenant grutte rol. It minimale ferskil mei it Nederlânsk, yllustrearre yn ‘e sintsjes *Jan skammet him* vs. **Jan schaamt hem*, wurdt ferklearre mei help fan in artikel fan Jarich Hoekstra út 1994, dy’t úthold dat yn it Frysk pronomina

net allinnich strukturele kasus krije kinne, mar ek ynherinte. Dat soe de op himsels ûngewoane sitewaasje meibringe dat yn 'e tredde persoan in gewoan pronomen as refleksyf opdûke kin. Los dêrfan wiist Reuland der op side 335 op dat nomina soms ek eigenskippen fan 'e twadde persoan hawwe kinne, lykas oan in sintsje as *dûmny mei der wol even ynkomme* te sjen is. (siebren dyk)

S. Dyk, 'Palatalization of the glide in Frisian: raising diphthongs as a case of shift', Journal of Estonian and Finno-Ugric Linguistics 2 (2011), 125-139.

Dit stik giet oer mûljearring yn it Frysk, dêr't Dyk yn dit tydskrift, mar dan folle wiidweidiger, ek oer skreaun hat (jiergong 57 (2008), 1-43). De analyse is gelyk bleaun, mar yn dit stik wurdt de klam justjes mear op 'e taalkontaktteoretyske kant fan 'e saak lein. It is goed dat it ynternasjonale publyk no ek kennis nimme kin fan dit nijsgjirrige fenomeen yn it Frysk. Spitigernôch sitte der wat tefolle printflaters yn it stik. En ik wol ek net leauwe dat de term 'raising diphthong' yngong fine sil; de ynternasjonale fonologyske mienskip sil it wol op it âldbewende 'rising diphthong' hâlde. (willem visser)

Rick Nouwen & Marion Elenbaas (útjs.), Linguistics in the Netherlands 2011. Amsterdam / Philadelphia (2011), John Benjamins.

Dizze navenant tinne jefte fan 'e LIN-bondel (136 siden) befettet likegoed twa frisistyske bydragen, fan 'e beide Hoekstra's. It giet dêrby om in Ingelsktalige foar-c.q. neipublikaasje fan in Frysktalige pendant. Dy fan Eric Hoekstra, "Negative polarity in morphology: The case of Frisian FOLLE 'much, many' as compared to Dutch VEEL" (pp. 25-37) is foar in part in werhelling fan in artikel fan syn hân yn *It Beaken* 72 (2010) (sjoch ek UW 2010, s. 189). It ferklearjende part is hjir lykwols folle mear útwurke. Hoekstra toant oan dat it de eigenskip fan negative polariteit fan it Fryske *folle wêze* moat dy't wurdfoarming mei dy kwantor opkeart. In mooglike negative lisensearder soe yn 'e syntaksis stean moatte, mar dan hat er gjin berik oer in morfologyske konstruksje lykas in gearsetting. Potinsjele tsjinfoarbylden tsjin dit prinsipe wit Hoekstra allegearre te ûntkrêftigjen.

Jarich Hoekstra rint yn "The Path is the Goal. On the goal postposition *út* in Modern West Frisian" (pp. 38-49) foarút op syn artikel yn dit nûmer fan *Us Wurk*. De klam yn dizze folle koartere Ingelsktalige publikaasje leit op 'e mooglike doeieigenskip fan *út*, mar dat Doel liket dan wol tagelyk del te kommen op in Rjochting. Hoekstra komt hjir ek op de konsekwinsjes foar in fêste hierargy fan romtlike konsepten. (siebren dyk)